



De minsken fan foarby,
wy neame se yn ien amme.
De minsken fan foarby,
wy neame harren nammen.
Sy sjitte ús te binnen
yn wurden en yn sinnen
en sweve dan wer tusken ús,
binne wer efkes thús.

Oan de bewenners fan de doarpen
Jellum-Bears, Jorwert en Weidum

Gewoanwei betinke wy de minsken dy't yn it ôfrûne jier ferstoarn binne yn in tsjerke-
tsjinst oan 'e ein fan it tsjerklik jier (flak foardat de Advint begjint). Dit jier is dat
lykwols net mooglik.

**De gemeente Westerwert, tegearre mei Nijkleaster, hat dêrom besluten
ta in Betinksnein, in iepen tsjerke op snein 22 novimber fan 11.00–18.00
oere .**

Elkenien mei op eigen tiid komme foar in momint fan betinking en besinning. De
tsjerke wurdt spesjaal oanklaaid foar dizze Betink-snein, kearsen binne beskikber en
muzyk sil klinke. Der binne in pear frijwilligers om alles yn goede banen te lieden, ek
dat der net tefolle minsken tagelyk yn tsjerke binne.

Wy wolle famyljes mei bern ek fan herte útnûgje om mei elkoar te kommen en in
kearske oan te stekken ta oantinken oan immen dy't ferstoarn is. Of as gebed foar de
minsken om ús hinne en foar de need fan de wrâld.

Mochten jo net komme kinne, dan kinne jo ús ek freegje om in kears foar jo oan te
stekken. Jo kinne ús belje of maile. Jo kinne oanjaan foar wa of foar hokker situaasje
jo dit oanfreegje. Dan sille wy dêr op paste wize omtinken oan jaan.

Mei in freonlike groetnis,
út namme fan de Protestântske Gemeente Westerwert en Nijkleaster

Gea van Wieren, It Bosk 4, 9022BV Mantgum
Tel: 06-36483185 e-mail: geavanwieren@outlook.com

Boukje de Boer, Sanpaed 40, 9024ED Weidum
Tel: 058-2519598 e-mail: boukje@weidum.com

*Wolle jo faker in nijsbrief ûntfange? Dan graach in e-mailadres stjoere oan ien fan
boppesteande minsken. Fierders mear ynfo op: www.nijkleaster.frl en Facebook (Tsjerke
Westerwert en Nijkleaster Jorwert).*